

Woartels

skreaun foar it program It Grutte Grynd fan Ratatette yn 2000

it gie my goed, ik hie súkses, ik koe my rêde
ik seach it libben as in boartelike striid
in grutte auto, doe in twadde, sels in tredde
en foar famylje hie ik hielendal gjin tiid

myn gruthannel yn ierpels, fruit en griente
seach ik as myn bestean en myn behâld
ymport, export, ach, sok wurk dat is noait dien, ju
ik ferkocht myn woartels oer de hiele wrâld

doe dat berjocht fan heit syn ferstjerren
en ik tocht: dat is it libben, 't heart der by
mar 't gie net oer, wat ik ek prebearre
it ûnderste kaam boppe, djip yn my

(kearsang:) want ús heit joech my de namme sa 'k my neam
hy is foar my de kaai
nei de skiednis fan myn skaai
ja, ús heit dat wie de stamme fan myn beam
troch him wie ik ferbûn
mei myn woartels yn 'e grûn

no 't hy der net mear is
besef ik wat ik mis
der is in skeakel út 'e ketting wei
no brânt by my de fraach
hoe wie myn âlde laach
want dat joech my myn djipste wêzen mei

en no sit ik alle dagen djip te dollen
yn registers en argiven en sa mear
it leafste soe 'k myn foarfaars moetsje wolle
en mei har prate, al wie 't mar foar ien kear

it wurk lit ik sa folle mooglik sjitte
it ferhaal fan myn famylje gean ik nei
omkes, muoikes, dy't safolle witte
der bin fan har al fierstefolle wei

woartels bin woartels, se kinne wol duorje
it is goeie hannel, elk wol se wol ha
mar ferjit net: de woartels dy't minsken echt fuorje
dat binne de woartels fan dyn DNA

(kearsang:) want ús heit joech my de namme sa'k my neam.....
enshf.

© Doede Veeman